

Hollanners brochten in kleaster nei Wâldsein

Fryske kleasters

Der hawwe yn Fryslân wol om ende by fyftich kleasters west, neffens gegevens fan de histoarikus Hans Mol fan de Fryske Akademy. Fan inkelde dêrfan besteane noch parten, fan in pear oaren binne printen bewarre bleaun, mar fan de measten is net folle mear bekend. Yn 1337 ûntstie 'De Karmel fan Wâldsein', stifte troch karmeliter muontsen út Haarlem. It wie in plak foar rêst en meditaasje.

Troch Kerst Huisman



Sa hat it kleaster fan Wâldsein der mooglik útsjoen. De tekening is makke nei in idee fan pastoar Jan van der Wal fan Balk.

DER IS YN de Fryske skiednis-skriuwing in soad ôfkankere op de Hollanners. Benammen de greven fan Hollân waarden dêrby goed neisjoen. Der koe dêrby wiisd wurde op in Willem IV, dy't sneuvele yn 1345, doe't er besocht Fryslân te feroverjen. De aardige kanten fan dy Hollânske greven kamen eins net oan de oarder. Mar der wienen ek oaren. Pastoar Jan van der Wal fan Balk wiist der op yn it boek 'In karmel yn it wetterlân', dat giet oer de roomske tsjerke yn Wâldsein. Doe't Fryslân yn 1333 teistere waard troch in oerstreaming, liet greve Willem III fan Hollân jild ynsammelje, sûnder dêrfoar mear rjochten yn Fryslân te easkjen.

Foar in goed begryp is it needsaaklik om te witten, dat Willem III him as 'hear' fan Fryslân beskôge. Hy hie ek gjin reden om twivels te hawwen, want de eallju fan Westergoa en Eastergoa hienen him yn 1328 noch yn Frjentsjer op it skyld heven. Dat wie it teken dat hjá him as hear erkenden. Yn de jierren

dêrnei kaam it ta in politike omkear. De Friezen woenen Willem syn soan Willem IV net mear erkenne. Dy kaam doe mei in leger nei Fryslân en waard by Starum ferslein yn de bekende slach fan 1345.

Dat der yn 1337 in kleaster yn Wâldsein kommen is, wie ek al oan de Hollanners te tankjen. Fanút de haadstêd fan Hollân, Haarlem, kamen muontsen nei Wâldsein en hjá stiften der in mienskip. Omdat it om karmeliter muontsen gyng, waard it troch hjarren oprjochte kleaster wol 'de Karmel fan Wâldsein' neamd.

Wâldsein wie doe krekt in plakje yn opkomst, dat hearde ûnder it doarp Ypekolsgea. Ypekolsgea bestie yn 1337 al inkelde ieuwen. It plak komt foar yn in út 1132 datearjende list fan tsjerken, dy't hearre ûnder it kleaster fan Sint Odulf by Starum. It wurdt yn dy list Ipekelderkerke neamd.

De tsjerke fan Ypekolsgea waard wijd oan Odulf. Dat wie in muonts

dy't yn de njoggende ieu nei de omkriten fan Starum stjoerd waard om der de ketters te bestriden. Hy waard letter hillich ferklearre. It Starumer kleaster waard nei him neamd, en ek de Ypekolsgeasters beskôgen him as 'harren' hillige. Mooglik kaam dêrom it nije kleaster nei harren doarpke.

Wâldsein leit op de râne fan it doarpsgebiet fan Ypekolsgea. Mooglik hat it oan dy lizzing syn namme te tankjen. In doarpsgebiet waard yn de midsieuwen ek wol 'wâld' neamd. It kin ek wêze dat Wâldsein, dat oan de ein fan de Welle lei, nei dit wetter neamd is.

De nije delsetting Wâldsein, lizzend by de krusing fan inkelde wichtige farwetters, kaam ta bloei, mooglik ek wol in bytsje tanksij it kleaster. De Karmel fan Wâldsein wie in plak foar rêst en meditaasje. De muontsen sribben net nei grûnbesit. Hja waarden ek wol leaffroubruorren neamd, omdat harren kleaster wijd wie oan Marije.

Pastoar Van der Wal hat ek it libben beskreaun fan Anske Bokkes Bruynsma, mooglik wol de meast ferneamde ynwenner fan Ypekolsgea. Anske, dy't libbe fan 1531 oant 1579, hat mooglik op skoalle gien yn it Wâldseiner kleaster. Yn 1550 gyng er nei de universiteit yn Keulen.

Dêr kaam er yn 'e kunde mei de paters jezûiten. Uteinlik besleat Anske him oan te sluten by dizze oarder. Dêrfoar moast er nei Rome ta om dêr fierder te studearjen. Yn Rome kaam er yn 'e kunde mei Ignatius fan Loyola, de stifter fan de jezûitenoarder. Anske, dy't doe

Andreas Boccatus neamd waard, kaam yn 1558 werom yn Ypekolsgea. Dêr preke er tsjin de dopersen.

Yn 1562 waard Anske yn Mainz ta preester wijd. It jier dêrop kaam er wer yn Ypekolsgea en Wâldsein. Hy wie fan doel in jezûitenkleaster yn Fryslân op te rjochtsjen, mar de stedsbestjoeren wurken him tsjin. Hoewol't de Reformaasje noch gjin feit wie, seach men dochs net folle yn it tastean fan de oprjochting fan in kleaster fan in frij fanatike groep, want sa waarden de jezûiten dochs wol sjoen. Uteinlik slagge it Anske om yn Snits in skoalle nei syn smaak

te stiftsjen. Mar it ynstitút bestie mar in pear wiken. Doe moast Anske de saak al wer slute. Syn tsjinstanners berôpen har op de Fryske frijheid.

Doe hat er it yn it Wâldseiner kleaster besocht. Mar ek der hie er gjin súkses. Dat like pas te kommen doe't er it yn 1565 opnij besocht yn Drylts. Syn jezûitenskoalle dêr hat mar ien jier bestien. Mei de byldenstoarm yn 1566 waard alles yn de skoalle stikken slein. Anske hat dêrnei noch wurke yn Litouwen en Flaanderen. Dêr is hy oan de pest ferstoarn.